

Dorpscanon van Folsgeare

Folsgare (NL) / Folsgeare (FR)



Folsgeare sjoen fanút in loftballon

© Foto Atse Bruin

Folsgare (NL) / Folsgeare (FR)

Folsgare is om de alfde iuw hinne ûntstien oan'e râne fan'e Middelsee.

Hoe is de namme fan it doarp troch de tiid hinne skreaun?

Yn “Fryske Plaknammen” diel XIV side 37 / july 1965 stiet in opsomming fan nammen foar Folsgeare:

1250	Folclaghen Folslaghen Foldesgara
1431	Foldsghara Folsdghara
1440	Ffollelagen Folzegar Ffolsdegara
1453	Folsgaerstera


Dorpscanon van Folsgeare

Folsgare (NL) / Folsgeare (FR)

1482	Ffollehoge
	Ffolsgare
1492	Folsgaere
1496	Foldisgaer
	Vulsgaerde
1499	Foudisgaerre
1505	Folsgera
1517	Ffolgara
	Folsgerre
1520	Folsghara
	Foldsgaere
	Foldsgaerstera
	Volschaer
1563	Folssgaere
1625	Folsgar

Dêrnjonken komme noch foar: Folsgara / Folsgaare / Ffolsga / Foudsghara / Volsgara / Folsgaer / Ffolsgare / Folsgera / Ffolsgara

Yn de “Koninklijke Courant” fan 14-05-1807 stiet “**Tolsgara**”




Dorpscanon van Folsgeare

Fols gare (NL) / Folsgeare (FR)

Yn'e foargeande iuwen wurdt de namme foar it doarp yn kranten en op kaarten it meast as Folsgara skreaun.

MEn præfentéerd publicq aan de Minftaanneemende te Befteeden: Het GRAAVEN van een nieuwe SLOOT, ter lengte van ongeveer vyftig Roeden, in de plaats thans by *Tme Kempes* in gebruik onder den Dorpe **Folsgara**. Wie hier aan gadinge maakt, kome op Woensdag den 7 Maart 1798 des voormiddags te elf uur, in de Herberg te **Folsgara**, en neeme aan op dan voortleezene Conditien.

LC 03-03-1798



Volschare op in brievekaart út 1924

Folsgara wurdt Fols gare.



Winter 1950

foto: Harmen Wiersma

Yn'e krante fan 2004 stie noch "Vols gare" en yn in ambtlik skriuwen oer it nije stik A7 om Snits hinne stie "Fols gaere".

Koartlyn stie it as "Volsgeere" skreaun yn lokaal nijsblêd.

Skriuwe je de namme fan it doarp no mei in F of in V ?

De F en de V waarden destiids hiel faak trochinoar brûkt. Sa waard Friesland ek wol as Vriesland skreaun. Datselde barde ek wol mei Fols gare, dat dus ek as Vols gare foar kaam.

Dorpscanon van Folsgeare

Folsgare (NL) / Folsgeare (FR)

Wêr komt de namme Folsgare/ Folsgeare wei?

De **Plaatsengids** en **Wikipedia** ferwize beide nei it Aldfryske gâra = geer, in kilich, puntich tarinnend stik lân dat yn besit is fan in persoan mei de namme Foldo of bewenne waard troch immen mei dy namme.

Yn'e **Encyclopedie van Friesland** (1958) ûnder redaksje fan Prof. Dr. J.H. Brouwer stiet ûnder Folsgare / Folsgeare: gare = landtong, met mansnaam?

It twadde part fan'e namme:

Ut de list mei skriuwwizen fan it doarp docht bliken dat it efterheaksel earst foaral foaral "gara" wie y.p.f. "gare". De feroaring fan "gara" nei "gare" hat yn'e rin fan'e tiid syn beslach krigen.

De Plaatsengids en Wikiedia wize der op dat yn it Aldfrysk "gâra" betsjut: kilich, puntich tarinnend stik lân.

De Encyclopedie van Friesland skriuwt dat "gare" oerde betsjut.

In greide krekt westlik fan Schenerstate, hat yn'e Floreen kohiers fan 1700 de fjildnamme "de Gare". Dit stik lân grinsget oan'e noardkant fan it Middelpad of Legedyk. Dizze namme is faaks de oarsprong foar de nammewiksel fan it efterheaksel fan it doarp. De âlde betsjutting wie grif yn'e rin fan'e jierren net mear fan tapassing of bekend en beide, it doarp en de greide sille in oerde west ha.

"Te gaer" betsjut yn it Aldfrysk "by elkoar komme".

"Gear" yn it Frysk hat deselde betsjutting as "Gara" , dat de Fryske namme hat de âlde betsjutting oernommen.

It earste part "Fol" soe de foarnamme fan in man wêze kinne. Follegea en it Follân (by Langwar) Folprandeskerca (der ûnder strûpt doarp) soene dêr ek nei neamd wêze kinne.

It earste neamen fan it doarp wie yn 1250 dat wy moatte sjen nei nammen dy't yn dy tiid yn gebrûk wiene. De nammen Fol of Foldes komme hielendal net foar. Fols komt ek net foar, mar mei it each op de skriuwwizen fan it doarp, soe de namme orizjineel as Folc skreaun wêze kinne. Dat dit tige oannimlik liket, docht bliken út it feit dat yn 1250 de namme al in kear mei Folc begjint. De namme Folc komt boppedat foar yn'e top tsien fan populêre nammen yn dat tiidrek.

Dorpscanon van Folsgeare

Folsgare (NL) / Folsgeare (FR)

rang	mannelijk eerste element	N	vrouwelijk eerste element	N
1	Adal	261	Adal	42
2	Thiad	247	Thiad	37
3	Ger	186	Irmin	25
4	Ragin	134	Ger	24
5	Rud	132	Ragin	19
6	Liud	129	Liud	19
7	Folc	114	Magin	19
8	God	108	Ric	18
9	Her	106	Hild	15
10	Od	90	Heil	14

Yn'e jierren foar 1150 komme mannenammen foar dy't begjinne mei Folc, folge troch in efterheaksel, lyk as Folcbad, Folcbald, Folcbert. Nammen dy't begjinne mei Fol of Fols komme net yn'e listen foar. Foar froulju is in namme mei Folc net populêr.

Sjende nei it foarkommen fan'e nammen mei Folc yn Fryslân, yn dy tiid noch Frisia neamd, komme wy út op Folcwald en Folcold. De earste namme komt foar yn oarkondes yn it jier 650 en de twadde yn it jier 928.

Dat ien fan dizze persoanen de nammejouwer is fan it doarp, stiet te beduchtsjen.

Dêrnei kinne wy sjen nei de betsjutting fan'e âld Germaanske namme Folc. De Stammentabel foar Germaanske nammen lit alle namme-elementen sjen dy't oantroffen binne yn'e Lege Lannen foar 1150.

stam	betekenis	frequentie als eerste element		frequentie als tweede element		totaal
		man	vrouw	man	vrouw	
Folc	krijgsvolk	112	10	1		123

Dorpscanon van Folsgeare

Folsgare (NL) / Folsgeare (FR)

Yn'e âldheid sammelen nei alle gedachten de krigers harren op in plak foardat se de striid oan gongen of se brûkten it plak foar de ferearing fan harren goaden om'e oerwinning te freegjen.

Yn dy begjintiid wie dat plak in oerde by it doarp en ien fan'e hegere plakken oan'e súdlike Middelsee, berikber oer lân of boat by heech wetter. It lei sintraal yn dy súdlike helte, dus in ideaal meetingsplak.

As wy de betsjutting fan Folc (kriigsfolk) en Gara (te gaer) gearfoegje, komme wy op in tige wierskynlike ferklearring fan'e orizjinele namme.

In plak dêr't kriigsfolk of gewoan in groep minsken gearkaam.

By it doarp om wie al bewenning oan it begjin fan'e jiertelling wêrnei't dy ferdwûn. De nije Friezen kamen om 400 nei Christus werom. Dat se sille yn'e rin fan de tiid ek wer yn dizze omkriten kommen wêze.

Sjoen de namme dy't âld Germaansk is, moatte der al ridlik gau minsken kommen wêze dy't harren op dat plak of yn'e omjouwing fêstige ha.

Dat, Folsgeare soe betsjutte kinne:

In plak dêr't it (kriichs) folk gearkaam.

Colofon

Tekst: Atse Bruin

Bewurking en oersetting:: Wytske Heida

Foto's: Atse Bruin, Harmen Wiersma

Kranteartikels: LC, Koninklijke Courant

Disclaimer: Foar alle foto's jildt, dat der soarchfâldich útsocht is wa't de eigner is en is tastimming frege en krigen foar it brûken yn dit finster. Finsters oer persoanen binne pleatst nei weromkeppeling mei belutsenen. Mocht der nettsjinsteande eat net korrekt wêze, graach de redaksje ynformearje.